

FNP  
Ornearre foar de hear W. Veenstra  
Postbus 20120  
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 5 novimber 2019

Ferstjoerd, **- 8 NOV. 2019**

Ús merkteken : 01711248  
Ôfd/Opjefte : Infrastruktuer en Mobiliteit; Natuerlik Kapitaal  
Opsteld troch : K. Strikwerda; B. Muntjewerf / (058) 292 5337 of [f.kooistra@fryslan.frl](mailto:f.kooistra@fryslan.frl)  
Jo merkteken : 01686990  
Ûnderwerp : Beäntwurdiging skriftlike fragen oer de bestriding fan Jabikskrúswortel en stikels

Achte hear Veenstra,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 16 july 2019, beäntwurdzje wy as neikomt.

Jo ynlieding

*De Jabikskrúswortel (Sint Jacobskruiskruid) is in plant mei giftige stoffen dy't gefaarlik wêze kinne foar melkfee en hynders. Yn 2007 is troch in steatebreed stipe inisjatyfútstel in feroardering fêststeld oer de Jabikskrúswortel. Der is doe in pakket maatregels ôfpraat om de plant te bestriden. Ek is der al hiel lang in provinsjale stikelferoardering om de fersprieding fan Stikels (Distel) út bygelyks bermen nei lânbouperselen te beheinen. De wurking fan de feroarderings is foar it lêst evaluearre yn de Steatekommisje Lan Loft en Wetter fan 8 septimber 2010. No (simmer 2019) krijt de FNP op'e nij sinjalen fan lâneigners en fee – en hynstehâlders dat de fersprieding fan Jabikskrúswortel en Stikels ûnder oaren út provinsjale bermen en perselen wei op'e nij esklearret.*

Fraach 1:

*Wannear hat de provinsje nei 2010 foar it lêst de wurking evaluearre, yntern of mei de oare belutsen partijen, fan de Feroardering Jabikskrúskrûd 2007 en fan de Stikelferoardering?*

Antwurd fraach 1:

Wy stelle elts jier in útfieringsprogramma fergunningferliening, tafersjoch en hanthavening fêst. Yn dat programma wurdt ek elts jier oanjûn hokfoar oardening wy kontrolearje en wurdt de wurking fan die oardering meinommen. It giet dan ûnder oaren om de "Distelverordening" en de "Jacobskruiskruidverordening". Hanthavening op dizze oardering bart troch de FUMO en fynt plak op basis fan fragen en/of klachten. De omfang hjirfan is al jierren hiel lyts.

*Fraach 2:*

*Hoefolle klachten binne der per jier sûnt de evaluaasje yn PS fan 2010 binnen kaam oer de fersprieding dan wol bestriding fan dizze skealike planten?*

Antwurd fraach 2:

Wy kinne net eksakt oanjaan hoefolle klachten der per jier sûnt 2010 binnen kaam binne oer de fersprieding fan dizze skealike planten. Elts jier krije wy in pear klachten.

*Fraach 3:*

*Wat docht de Provinsje aktueel yn it deistige behear fan wegen en bermen oan de bestriding fan Jabikskrúswartel en Stikels ?*

Antwurd fraach 3:

It meanrezjym wurdt ôfstimd op ûnder oaren de oanwêzigens fan stikels en/of Jabikskrúskrûd yn 'e berm. Dêr wêr in protte fan dizze planten binne, wurdt de berm minimaal twa kear yn 't jier meand (foar it momint fan útsiedzjen). Op plakken wêr de berm oer de kop west hat, bygelyks as gefolch fan grut ûnderhâld oan in dyk, is der in kâns dat stikels de kop op stekke. Yn dizze gefallen wurdt de berm faker meand. Dat soarget foar reduksje fan de stikels. Nei in pear jier kin de meanfrekwinsje dan wer omleech. Lâns in tal diken wurdt in part fan de berm allinnich yn it neijier meand. It kin wêze dat hjir ek stikels en/of Jabikskrúskrûd groeie. As dit grutte oantallen binne, dan meane we dizze plakken apart of we ferwiderje de planten hielendal. Hjirby hâlde we rekken mei it oanwêzige bioferskaat yn de berm.

*Fraach 4:*

*Sjocht it Kolleezje op basis fan meldingen en klachten reden om de 'sliepende' feroarderingsen op 'e nij te aktivearjen? Graach jo argumintaasje wêrom wol of net?*

Antwurd fraach 4:

Omdat wy mar hiel spoaradysk klachten krije oer stikels en Jabikskrúskrûd, sjogge wy gjin reden om de "sliepende" oarderingsen op 'e nij te aktivearjen. Sa't ek yn it útfieringsprogramma fergunningferliening, tafersjoch en hanthavening fan 2019 stiet (dit is by ús brief fan 9 april 2019, merkteken 01650710, ta kundskip nei Provinsjale Steaten stjoerd), sille wy neigean oft de Distelverordening noch bestean bliuwe moat. It is ús doel om de diskusje hjiroer begjin takommend jier ôf te rûnjen. Jo Steaten wurde hjiroer dan ek ynformearje.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

  
R.E. Botius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris